



Utslach Junior Rely-priisfraach 2015

Neffens de sjuery fan de Junior Rely 2015 komme der dit jier fjouwer fersen en fjouwer ferhalen yn oanmerking foar in Junior Rely-priis. De sjuery moast sawat 75 ynstjoeringen beoardielje.

Priiswinners

De Junior Rely-priiswinners binne dit jier:
yn de kategory poëzij:

- Tjerk Jan Atsma út Eastermar: in 1e priis foar it fers: 'Gatsjepanne'
- Corrien Tolsma út Eksmoarre: in 2e priis foar it fers: 'Sinne, see en sân'
- Froukje Mensonides út Skettens: in 3e priis foar it fers: 'Tûzen gljinstierende triennen'
- Jasper Avontuur út Winsum: in oanfiterpriis foar it fers: 'Bikkel'

en yn de kategory proaza:

- Doenja Payer út Drachten: in 1e priis foar it ferhaal: 'Ôfskied'
- Grady Slagman út Skettens: in 2e priis foar it ferhaal: 'Stedsjes op besite'
- Jeljer Westra út Lollum: in oanfiterpriis foar it ferhaal: 'Kontakt'
- Abe Sligting út Makkum: in oanfiterpriis foar it ferhaal: 'Gedochjes fan de mier en de oplossing fan de mol'.

De sjuery

De sjuery bestiet dit jier út Erica Bergema, Thys Wadman en jeugdsjuerylid Anneke van der Werf. It totale bedrach oan prizejild dat ûnder de winners fan de Junior Rely ferparten wurdt is € 500,-.

Priisútrikking

Op sneon 3 oktober 2015 wurde de prizen fan de Junior Rely útrikt yn it doarpshûs fan Weidum. Dyselde middei wurde ek de prizen fan de 'grutte' Rely útrikt. Om't it 60 jier lyn is dat de prizen ynsteld waarden, kriget de útrikking in ekstra feestlik karakter.

Publikaasje

Al it winnende wurk fan de Rely Jorritsma Fûns-priisfraach én fan de Junior Rely ferskynt yn in spesjale Rely-útjefte fan it tiidskrift 'ENSAFH'. It sjueryferslach wurdt ek publisearre op de webside fan de gemeente, www.littenseradiel.nl

Wommels, 14 augustus 2015

Foar de redaksje:

60 jier Rely Jorritsma - Feestlike priisútrikking yn it doarpshûs fan Weidum.

De prizen wurde útrikt op sneontemiddei 3 oktober 2015, om 14.00 oere yn it doarpshûs yn Weidum. Jo binne fan herte útnoege om hjirby oanwêzich te wêzen.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Geesje Leemburg, ferfangend kommunikaasjemeiwurkster fan de gemeente Littenseradiel, tillefoan (0515) 334456 of email: g.leemburg@littenseradiel.nl.